



Tomke en Romke dogge tikkerke.
 'Pak my dan, Tomke!' ropt Romke.
 'Kinst my lekker dochts net tikje!'
 Romke en Tomke drave om de tafel hinne.
 Om de bank. En dan wer om de tafel.
 Kornelia ropt: 'Pas mar op. Aanst falle jim!'
 'Tikje my dan!' ropt Romke.
 Tomke hat Romke hast! Mar dan: BOEM!
 Tomke stroffelt en falt mei de mûle op 'e grûn.
 'Au!' gûlt Tomke. 'Myn mûle docht sear.'
 'Oh,' seit Romke. 'Do hast bloed! Dyn mûle is stikken.'
 'Lit my ris sjen,' seit Kornelia.
 'Ik sjoch it al. Do hast in tosk troch de lippe, Tomke. Der sit in gatsje yn. En dêr komt bloed út.'
 'Au, it docht sa sear, Kornelia,' stint Tomke.
 'Wachtsje mar,' seit Kornelia. 'Ik wit wat. Do krijst fan my in iislolly, dan giet it gau wer oer.'
 'O, lekker!' seit Romke. 'Mei ik ek in iislolly ha, Kornelia?'
 'Nee,' seit Kornelia. 'Allinne Tomke krijt ien.'
 'Hm, net leuk!' seit Romke.
 Kornelia helle in iislolly op. Tomke begjint daalk te slikjen.
 'Lekker, Kornelia,' seit Tomke. 'It wurdt al wat better.'
 Romke wol ek in iislolly ha!
 Hy sit hiel stil en tinkt nei. Ynienen wit er wat!
 Hy moat wat reads ha. Hagelslach?
 Nee, dat is net read. Sûkelarjepasta?
 Nee, ek net. Sjem?

Ja, reade sjem! Romke docht de poat yn 'e sjempot.
 En dan docht er de poat op 'e lippe.
 Sa, no nei Kornelia ta!
 'Au, au!' gûlt er. 'Ik ha ek in tosk troch de lippe.'
 'Oh, ja!' seit Tomke. 'Do hast ek bloed.'
 'Jou my gau in iislolly, Kornelia. It docht sa sear!'
 Kornelia helle in iislolly op.
 Mar as se weromkomt, seit se:
 'Wêr is dat bloed dan, Romke? Is dyn lippe al wer better?'
 'Nee,' seit Romke. 'Jou dy iislolly no mar oer!'
 Dan seit Kornelia: 'Hèn? It bloed leit op 'e grûn. Wat is dat gek bloed. It liket wol sjem.'
 Kornelia priuwt ecfkes.
 'It smakket nei... IERDBEISJEM! Dat is gek!
 Romke, lit my dyn lippe ris sjen.'
 Kornelia sjocht nei Romke syn mûle.
 'Hie 'k it net tocht?' seit se dan.
 'Gjin plakje te sjen. Do hâldst my foar de gek, Romke.'
 'Oh, Romke,' laket Tomke. 'Wat bisto in dikke boef!'
 'Ik wol ek sa graach in iislolly ha,' seit Romke.
 'Witst wat, Romke?' seit Kornelia.
 'Ik helje noch in iislolly op, dan krije we allegear ien.'

